# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

| | |
|---|---|
| Yntsjinner:<br>Maaike Prins, CDA<br><br>Mei-yntsjinner(s):<br>Lid Maarten Goudzwaard<br>Sijbe Knol, FNP<br>Anne Zijlstra, PvdA<br>Elsa van der Hoek, GrienLinks | |

| | |
|---|---|
| Moasje nr. | 11 |
| Paraaf | |
| Wurklistpunt | 06 |
| Beslút | |

**MOASJE, ex artikel 31 Reglement van orde**

| | |
|---|---|
| Steategearkomste | 21 april 2021 |
| Wurklistpunt | |
| Koarte titel fan de moasje | Fersnelling wentebou |

De Steaten, yn gearkomste byien op 21 april 2021

heard hawwende de rieplachting;

konstatearjende dat
- de fraach nei sawol sosjale hier- as keapwenten grut is en it oanbod ûnfoldwaande;
- der dêrom op’e koarte termyn ynset wurde moat op ekstra wentebou yn hiel Fryslân;

oerwaagjend dat
- de provinsje mei de gemeenten ôfspraken makket oer de oantallen wenten dy’t neffens de befolkingsprognoases de kommende jierren noadich binne;
- der op’e koarte termyn mooglik yn gemeenten kânsen ûntstean sille foar en ferlet wêze sil fan ekstra wenningen, sawol binnen as bûten de fêstleine steedlike kontoeren;
- om dy kânsen te benutten, de provinsje fleksibel omgean moat mei de ôfspraken dy’t makke binne;

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten
- as der in reële fraach fanút de gemeenten komt foar ekstra wenten, bûten de fêstleine wenningbou-ôfspraken, it kolleezje dy fraach net neist him delleit mei allinne in berop op de ôfspraken dy’t makke binne oer oantallen, mar meitinkt oer mooglike oplossings.

en gean oer ta de oarder fan de dei

| | |
|---|---|
| Yntsjinner(s) | (fraksje / namme / hântekening)<br>CDA Maaike Prins<br>Lid Maarten Goudzwaard<br>FNP, Sijbe Knol |

MOASJE

| | |
|---|---|
| | PvdA, Anne Zijlstra<br>GrienLinks, Elsa van der Hoek |